LETTERHOEKE

Jrg. 5 | 2009 | Nr. 2

Stifting FLMD bestiet fyftich jier 6
Fototentoonstelling Vrouwen van Nu 14
Biografy oer Fedde Schurer 16

TREESOAR

FRIES FILM ARCHIEF

Fedde Schurer as sprekker by de betinking fan de Slach by Warns yn 1964.

De verbouwing van Tresoar is volop bezig. In de herfst zullen de studiezaal en tentoonstellingsruimten klaar zijn voor het publiek. De medewerkers van Tresoar zijn onlangs ingedeeld in drie afdelingen waardoor Tresoar voor de komende jaren klaar is om een belangrijke rol in het Friese culturele leven te blijven spelen.

10

Op 12 septimber is yn New York de 'Friesland Day'. Dan wurdt betocht dat it 400 jier lyn is dat Henry Hudson in rivier opfear dy't letter nei him neamd wurde soe. In soad Friezen ha har stimpel set op de lettere Feriene Steaten fan Amearika. Fan dy Friezen is gâns mateiaal by Tresoar te finen.

12

Tsjisse Hettema hâldt him by Tresoar dwaande mei it bewarjen fan lûds- en byldmateriaal. It foarmet in ûnderdiel fan it boarnemateriaal oer Fryske skriuwers en dichters. Hy giet sels ek op besite by skriuwers om har te filmjen.

20

Op de voorpagina van deze *Letterhoeke* een foto uit de tentoonstelling Vrouwen van Nu hebben het maar gemakkelijk!?. Deze foto is ingezonden dor mevrouw A.M. Walta. Haar moeder was fotograaf in Workum en legde het dagelijks leven in de jaren vijftig vast. Zie pagina 14.

4 Fan de redaksje | Van de redactie

6 Stifting FLMD fiert fyftichjierrich bestean
| Marijke de Boer

10 Nieuwe organisatie en nieuwe ambities
| Bert Looper

12 Friesland Day
| Jelle Krol

14 Vrouwen van Nu hebben het maar gemakkelijk!?
| Amarens Hibma

16 Undersiker oan it wurd: Johanneke Liemburg
| Marijke de Boer

20 Meiwurker oan it wurd: Tsjisse Hettema
| Marijke de Boer

22 Verhuizing Fries Film Archief naar Tresoar
| Obby Veenstra

23 Nijs fan de Stifting Freonen fan Tresoar

24 Het geheim van Tolsum ontrafeld
| Hans Laagland

26 Op zoek naar de Tweede Wereldoorlog
| Femke de Groot

28 - Presintaasje harkboek
- Lezing over Lite Engelberts

29 Nieuwe aanwinsten
| Annemieke Nijdam

30 Professor Tony Feitsma ferstoarn

31 Kolofon | Colofon

32 Aktiviteiten | Activiteiten

Fan de redaksje

Wa't Tresoar yn komt, falt fuort it romme sicht op nei stúdzjeseal en loftbrêge. Mei troch de ferbouwing wurket Tresoar oan syn nije ambysjes. De ferbouwing draacht by oan it ferwêzentlikjen fan dy ambysjes troch de stúdzjeseal in bredere opset te jaan, mar ek troch de besiker te ferlieden ta it lêzen fan tydskriften, it besjen fan útstallings en it gebou fierder te ferkennen. Studearjen, sûnder lûd fan oaren te hearren, bliuwt goed mooglik yn de saneamde stille stúdzjeseal oan de kant fan de Prinsetún. As de ferbouwing klear is, kin mear omtinken jûn wurde oan aspekten fan de kolleksje dy't earder minder goed oan bod kamen. Yn de stúdzjeseal kin yn in foech filmsealtsje histoarysk filmmateriaal besjoen wurde. Ek it kaartemateriaal krijt mear omtinken en der is romte foar lytse wikseljende eksposysjes. De grutte útstallingseal bliuwt oan de kant fan de loftbrêge, wylst oan dy kant ûnderwilens ek de Aldehouseal, in grutte seal foar gearkomsten, realisearre is. Al dy feroaringen hâlde foar de besikers no noch oerlêst yn. Fansels wurdt besocht dy oerlêst safolle mooglik te beheinen.

Utstallings

Yn septimber kin al profitearre wurde fan de nije grutte útstallingseal. Dêr sil by gelegenheid fan it 90-jierrich jubileum fan de organisaasje Vrouwen van Nu, earder foaral bekend as de Plattelânsfroulju, in útstalling komme. In oare nije útstalling is fan 12 septimber ôf te besjen yn de fernijde Gysbert Japicxseal. Dêr kin, neist de portretten fan de Gysbert Japicxpriiswinners, ek oar materiaal dat anneks is mei Fryske literatuer besjoen wurde. Yn fitrines binne hânskriften en brieven útstald, mar ek nijsgjirrige realia. Fierder is yn in filmke in oersjoch te sjen fan de Fryske literatuer. Op dyselde tolfte septimber fiert de stifting Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum har 50-jierrich jubileum.

Oare jubilea en ôfskie

Hiel oars, want persoanlik, binne de jubilea fan fjouwer meiwurkers. De besikers en Freonen sille har faaks net allegear kenne om't de ien mear as de oar ek wol achter de skermen wurk ferset. Yn it foarste plak neame wy Dirk de Ruiter, dy't as achttjinjierrige by de PB begûn en no syn 40-jierrich amtsjubileum fiert. Hy wurket al lange jierren as boekbiner. De oare trije jubilarissen binne 25 jier yn tsjinst: Lysbert Bonnema (meiwurker ynformaasje en presintaasje), Geesje Dam (teamlieder ynformaasjebewurking) en Marianne Walon (meiwurker stúdzjeseal en ynljochtings). Fan Syb Hulshoff, titelbeskriuwer, nimt Tresoar yn septimber ôfskie, no't se gebrûk makket fan de FPU-regeling. Sûnt 1996 hat se gâns boeken en tydskriften foar it publyk troch har beskriuwings ûntsletten. Wy winskje har it alderbêste ta yn dizze nije faze fan har libben.

Geesje Dam, Marianne Walon en Lysbert Bonnema.

Van de redactie

Wie Tresoar binnenkomt, valt meteen het ruime zicht op richting studiezaal en luchtbrug. Mede door de verbouwing werkt Tresoar aan zijn nieuwe ambities. De verbouwing draagt bij aan het realiseren van die nieuwe ambities door de studiezaal een bredere opzet te geven, maar ook door de bezoeker te verleiden tot het lezen van tijdschriften, het bekijken van tentoonstellingen en het gebouw verder te verkennen. Studeren, zonder door geluid van anderen gehinderd te worden, blijft goed mogelijk in de zogenaamde stille studiezaal aan de zijde van de Prinsentuin. Wanneer de verbouwing helemaal gerealiseerd is, kan meer aandacht geschonken worden aan aspecten van de collectie die voordien minder goed aan bod kwamen. In de studiezaal kan in een kleine filmzaal historisch filmmateriaal worden bekeken. Het kaartenmateriaal krijgt meer aandacht en er kunnen kleine wisselende exposities worden gehouden. De grote tentoonstellingszaal blijft aan de zijde van het gebouw waar de luchtbrug is, terwijl aan die kant ondertussen ook de Aldehouseal, een grote zaal voor bijeenkomsten, gerealiseerd is. Al die veranderingen houden voor de bezoekers nu nog overlast in. Natuurlijk wordt getracht die overlast zoveel mogelijk te beperken.

Tentoonstellingen

In september kan er al geprofiteerd worden van de nieuwe grote tentoonstellingszaal. Daar zal ter gelegenheid van het 90-jarig jubileum van de organisatie Vrouwen van Nu, eerder vooral bekend als de Plattelandsvrouwen, een tentoonstelling komen. Een andere nieuwe tentoonstelling is vanaf 12 september te zien in de vernieuwde Gysbert Japicxseal. Daar kan, behalve de portretten van de Gysbert Japicxprijswinnaars, ook ander materiaal worden bekeken dat te maken heeft met de Friese literatuur. In vitrines zijn handschriften en brieven tentoongesteld, maar ook interessante realia. Verder is in een filmpje een overzicht te zien van de Friese literatuur. Op diezelfde twaalfde september viert de stichting Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum haar 50-jarig jubileum.

Andere jubilea en afscheid

Heel anders, op een persoonlik vlak, zijn de jubilea van vier medewerkers. De bezoekers en Vrienden zullen hen misschien niet allemaal kennen omdat de

Dirk de Ruiter.

een meer dan de ander werk achter de schermen werk verricht. In de eerste plaats noemen wij Dirk de Ruiter, die als achttienjarige bij de PB begon en nu zijn 40-jarig ambtsjubileum viert. Hij werkt al lange tijd als boekbinder. De andere drie jubilarissen zijn 25 jaar in dienst: Lysbert Bonnema (medewerker informatie en presentatie), Geesje Dam (teamleider informatiebewerking) en Marianne Walon (medewerker studiezaal en inlichtingen). Van Syb Hulshoff, titelbeschrijver, neemt Tresoar in september afscheid, nu zij gebruik maakt van de FPU-regeling. Sinds 1996 heeft ze veel boeken en tijdschriften voor het publiek door haar beschrijvingen ontsloten. Wij wensen haar het allerbeste toe in deze nieuwe fase van haar leven.

Syb Hulshoff.

Stifting FLMD fiert fyftichjierrich bestean

‘Yn Tresoar libbet it FLMD troch’

It Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum is sûnt de fúzje mei de Provinsjale Biblioteek en it Ryksargyf yn 2002 opgien yn Tresoar. Wa’t tinkt dat dêrmei ek de stifting FLMD net mear bestiet, hat it mis. Sterker noch, de stifting fiert yn septimber har fyftichjierrich bestean.

| Marijke de Boer

De stifting hat as doel letterkundige aktiviteiten te stimulearjen en te stypjen. Ien fan de bekendere aktiviteiten fan de stifting hat te krijen mei it ‘arkje fan Rink’. Dat arkje wie fan de Fryske skriuwer Rink van der Velde en leit by De Feanhoop. Fryske skriuwers en dichters meie der simmerdeis in pear wiken gebrûk fan meitsje om yn alle rêst te wurkjen. De kosten foar it ferbliuw wurde betelle út it Tamminga-Piebenga-Fûns. ‘De stifting FLMD hat it behear fan it Tamminga-Piebengafûns,’ fertelt Jannie van der Kloet (1948). Se is foarsitter fan it bestjoer fan de stifting en sit út dy funksje wei yn it bestjoer fan Tresoar. ‘It fûns bestiet út de neilittenskip fan Frysk dichter en earefoarsitter fan it FLMD, Douwe Tamminga. Hy hat net hiel strikt fêstlein wêr’t it jild foar brûkt wurde mei, útsein eksploitaasjekosten. Wy ha tocht om fan dat jild in priis yn it libben te roppen, om sa syn namme yn eare te hâlden, mar fûnen dat der al safolle literêre prizen yn Fryslân binne, dat dat net folle tafoegje soe. No kin oan ferskate projekten finansjele stipe jûn wurde lykas boekútjeften.’ De stifting hat noch in fûns mei dêryn de opbringsten fan de ferkeap fan de gebouwen oan de Grutte Tsjerkestrjitte yn Ljouwert dêr’t earder it FLMD húsfêste wie en it jild fan in tal skinkingen en legaten. Ek dat fûns is foar stipe oan de Fryske letterkunde. It stribjen is om it nominale bedrach oerein te hâlden. Inkeld de rinte wurdt brûkt, mar dêr kin by bysûndere oanfragen fan ôfwykt wurde.

Kwetsber

De stifting FLMD fiert yn septimber it fyftichjierrich jubileum. Yn al dy jierren is fansels in soad feroare. Yn it begjin waard it wurk noch op de souder fan de Fryske Akademy dien troch Marten Scholten dy’t dêr in pear moarnsskoften foar frijmakke waard. Yn 1969 krige it FLMD in eigen gesicht doe’t it de Grutte Tsjerkestrjitte 20 hiere koe. Yn 1977 waard it FLMD húsfeste op nûmer 28 yn it eardere wenhûs fan Mata Hari. Yn 1980 kaam dêr noch nûmer 30 by dêr’t de

Jannie van der Kloet foar it portret fan Douwe Tamminga (foto: Haye Bijlstra).

Troelstra-Samling yn ûnderbrocht waard. Scholten wie ûnderwilens opfolge troch Freark Dam en yn 1986 waard Tineke Steenmeijer-Wielenga direkteur. Der kaam mear wurk en der kamen sa stadichoan mear meiwurkers en frijwilligers. De feroaringen nei 1995 hat Jannie van der Kloet fan tichtby meimakke, want doe waard se frege foar it bestjoer fan it FLMD. 'Hoewol't ik fan hûs út Nearlandika bin, wurke ik doe as direkteur fan it Arbeidsburo yn Dokkum. Ik hie der wol nocht oan. It wie foar my in moaie gelegenheid om de Fryske literatuer by te hâlden. It FLMD bestie út in lyts tal minsken en dêrtroch waard it bestjoer by in soad saken belutsen. Ik ha sels ris as bestjoerslid yn de sollisitaasjekommisje sitten doe't der in nije meiwurker socht waard. Dat is no ûntinkber.'

De grutste klus mei de measte ympakt yn har bestjoerstiid, ha de tariedingen west foar de fúzje mei de Provinsjale Biblioteek en it Ryksargyf nei ien ynstitút. 'Dat wie in spannend proses dat in soad tiid en enerzjy koste hat, mar ik bin bliid mei it risseltaat. Ik bin derfan oertsjûge dat it FLMD der sûnder gearwurking mei de oare ynstituten op termyn net mear west hie. It wie prachtich mei sa'n eigen klupke oan de Grutte Tsjerkestrjitte. Smûk wie it. As ik der hinne moast om wat op te sykjen of te bepraten, soarge ik derfoar dat ik der tsjin trijen wie. Dan wie it teetiid en siet elkenien noflik oan de grutte houten tafel. It wie tagelyk ek kwetsber, sa'n lyts groepke minsken. Der kaam hieltyd mear wurk by en de ûntjouwingen op digitaal mêd gongen rap fierder en wienen amper mear by te fytsen. Troch de útwreiding yn de rin fan de jierren wienen guon saken net foar elkenien goed regele. De húsfesting lei dreech om't in part eigendom wie fan de de provinsje, in oar part fan it FLMD en noch in part hierd waard fan de wenningboukorporaasje. Ek de rjochtsposysje fan de meiwurkers wie kompleks en lestich op ien line te krijen. It waard hieltyd swierder om de groeiende kolleksje te ûntsluten en as dat stûket binne jo as museum net mear sichtber, as de kolleksje dat net iens is.'

Utstalling

Nei de fúzje is der in soad feroare foar de stifting. 'De stifting sit no folle mear op ôfstân, mar is fia de sit yn it bestjoer fan Tresoar wol wach op wat Tresoar docht mei it erfskip fan it eardere FLMD.' De útfiering fan de taken leit by

Elysium

Sûnt oardel jier al yn gebrûk
yn de sanearre butterhoek,
efter: de timpel, prinsetún,
foar: útkyk op net-romme pún
en âldehou, dat bryk te deum:
FRYSK LITERAIR MUSEUM.

Húswardersgroet
(bitongen by 't lean),
lichtsje de hoed,
stellen forbean:
hjir koffer en tas,
dêr wanten en jas.

Stof yn alle hoeken,
hânskriften en boeken,
samlewurkgefaerten,
brieven, brievekaerten,
skrassen, klodders, skuorren;
portretten oan 'e muorren.

Weardefolle stikken:
Y.P. syn knyflokflikken,
it E.B.F.-gebyt
(nea brûkt, noch hagelwyt),
de klots fan 't keamerlid
dat thús fan Fedde hjit,
't fioeltsje fan A.W.
(de faem wie noch net ré),
gâns flessen: taperij
fan flecht en fryslân frij,
in brul en noch in brul,
skriuwark en pipespul,
âld fyts en luije stoel
en earne sûnder doel
mar slim op syn gemak:
in opset bonkerak . . .

Yn dizze hillige hallen
dêr't nea gjin fûgel sjongt
is al 't biweech forfallen
ta rêst dy't súntsjes stjonkt.

Bûtendoar yn 'e sinne pronket in faem
en wiuwt tsjin de NAVO-soldaten.

Mar elts dy't ien kear yn dit
hillichdom kaem
doar oars as op rym net to praten
oan de ein fan syn dagen ta.

H. H.

Dit fers fan H.H. (in pseudonym fan G.A Meerburg) stie yn De Strikel yn 1958. De skriuwer jout oan wat yn in letterkundich museum bewarre bleaun wurde moat.

It gebou fan it FLMD oan de Grutte Tsjerkestrjitte yn Ljouwert.

Tresoar, dus de praktyk is feroare, de doelstelling lykwols net. It is no grutter, mar by gearkomsten krije wy noch hieltyd folde koeken, krekt lykas earder by Tineke op de keamer. Ik wit dat guon minsken fine dat it museale aspekt fan it eardere FLMD net goed werom te finen is yn Tresoar, mar dêr bin ik it net mei iens. It is oars, dat is ynherint oan in gruttere organisaasje. Nei de ferhuzing wienen wy net sa gelokkich mei it plak fan de permaninte útstalling 'In hôf fol sang' mei in oersjoch fan de Fryske literatuer. De measte besikers geane streekrjocht nei de stúdzjeseal. Yn it begjin wie der net iens in buordsje dat nei de útstalling ferwiisde. Minsken waarden net útnoege om derhinne. Dat ha wy net goed ynskat en op 'e tiid oanjûn dat dat oars moatte soe. Tresoar hat der wol ear nei hân en it wurdt no ek



Archief FLMD (2)

[24513]

Gearkomste fan it foarlopich biestjûr fan it Letterkundich Museum op 10 sept. 1959 om 4 ûre yn it Coulonhûs.

Canwêzich: Prof. Dr. J.H. Brouwer, Fr. Dam, Dr. Sj. Douma, Jfr. B. Fokkema, E.B. Folkertsma, D.J. Miedema, Dr. Y. Poortinga, M.K. Scholten, D.A. Tamminga, Not. B. Tuinstra.
Mei tynge ôfwêzich de hearen Meerburg en J. Piebenga.

Prof. Brouwer iepenet en dankt foarslach fan 'e foarsitdnis. Dr. Douma en hy hawwe kontakt hawn mei Deputearre Staten, dy't ôfwizend stiene ûnder in opset, dy't moai greate bliuwende lêsten foar har sei/~~ringer~~ sou. De oanbou oan it Coulonhûs iepene de mooglikheid fan in biskieden opset. Der is Deputearre Staten frege, de heer Scholten 1 oant 1½ dei wyks foar dit wurk frij to jaen. Deputearre Staten hawwe ek de suggesty jown, f 1000.- jiers oan to freegjen foar de materialeoanskaffiag en oare ûnkosten.

Ferslach fan de gearkomste yn 1959 fan it foarlopich bestjoer fan it Letterkundich Museum.

better mei de ferbouwing, mar it hie wat my oanbelanget wat earder oanpakt wurde kinnen. Dêrfoaroer wienen de skriuwersportretten yn it eardere FLMD net foar elkenien tagonklik, mar dy komme no goed ta har rjocht yn de nij ynrjochte Gysbert Japicxseal, dy't nei de ferbouwing in mear letterkundige oanklaaïing krijt. Der komme fitrines mei nijsgjirrich materiaal oangeande de Fryske literatuer.'

Jubileum

Jelle Brouwer, direkteur fan de Fryske Akademy, pleite op it filologekongres yn 1956 foar in letterkundich museum. Om't der net fuort jild op it kleed kaam, hat it oant 1959 duorre foardat de earste bestjoersgearkomste plakfûn. 'Dat wie yn septimber, dat dêrom is yn septimber it jubileumfeest fan it fyftichjierrich bestean. Yn it karbrief stiet dat it doel fan de stifting is om alles te sammeljen en konservearjen dat mei Fryske skriuwers en letterkunde te krijen hat. Dat is noch altyd fan krêft en dat sil sa bliuwe. Wat de takomst bringt, wit gjinien, mar Tresoar sil noch fierder de wjukken útslaan. Sa binne der petearen oer gearwurking mei Stifting It Fryske Boek. Dat komt de letterkunde ek wer ten goede. En der binne plannen foar in museum Lân fan taal, mei dêryn rom omtinken foar de Fryske taal en wy hâlde fansels goed yn de gaten dat der ek omtinken foar de Fryske literatuer komt. Hoewol't gemeente en provinsje der posityf foar oer steane, moat der earst noch in helberheidsûndersyk dien wurde. Sels sil ik ein takom jier ophâlde. Nei fjouwer terminen is it heech tiid foar farsk bloed. Earst fiere wy it fyftichjierrich bestean.'

Programma sneon 12 septimber

Fan 14.00 oere ôf is elkenien wolkom. Op it program steane twa lêzingen (fan Goffe Jensma oer de mooglikheden fan literêr ûndersyk op basis fan de boarnen en fan Julian Spalding oer hoe't museaal omtinken jûn wurde kin oan literêre samlingen). Der binne foardrachten fan Yva Hokwerda (poëzy) en Meindert Bylsma (proaza) en muzyk fan Lucette van den Berg dy't Jiddyske lieten, yn Fryske oersetting fan Eppie Dam sjongt. Nei ôfrin is der in hapke en in drankje.

Nieuwe organisatie en nieuwe ambities

Al eerder in *Letterhoeke* zijn de hoofdlijnen van het beleid van Tresoar voor de komende jaren gepresenteerd. Inmiddels zijn we volop bezig om Tresoar zo in te richten dat alle ambities en plannen ook gerealiseerd kunnen worden. De verbouwing is in volle gang en we kunnen in de loop van oktober beschikken over een volledig heringericht publieksgebouw met goed geoutilleerde studiezalen en boeiende presentatie- en tentoonstellingsruimten. Maar beleid en gebouw betekenen natuurlijk niets zonder de mensen van Tresoar. Om zo goed mogelijk het beleid uit te kunnen voeren is in het voorjaar de organisatie van Tresoar op diverse punten aangepast.

| Bert Looper

Kern van de zaak is dat wij zo scherp mogelijk willen inspelen op de vragen en behoeften van doelgroepen en op ontwikkelingen in de markt. Die markt is voor ons erg breed en complex. Om maar enkele voorbeelden te noemen: wat betekent de digitalisering van archieven voor de bewaarfunctie van Tresoar; welke invloed hebben de nieuwe zoekmachines op de wijze van toegankelijk maken van archieven en collecties; hoe kunnen we de jeugd boeien met geschiedenis en literatuur; welke rol speelt Tresoar in de bevordering van de Friese taal en literatuur; hoe kunnen we onze cultuurtoeristische rol versterken. Het zijn maar enkele van de vele vragen die op ons afkomen. Het zal in elk geval duidelijk zijn dat Tresoar zich niet in een hoekje van de maatschappij kan verstoppen, maar midden in de samenleving moet staan en moet onderzoeken wat zijn rol kan zijn. Zoals gezegd, we moeten een goede antenne hebben voor kansen en mogelijkheden in de wereld om ons heen. Tegelijkertijd staat Tresoar garant voor volledige archieven en collecties en betrouwbare toegangen. Voorop lopen, verkennen, vernieuwen, ambachtelijkheid, kwaliteit … het zijn allemaal aspecten van het werk van Tresoar.

Maatschappij

Om al die rollen te kunnen vervullen is Tresoar nu ingedeeld in drie afdelingen. Er is een afdeling Ontwikkelteams, waar de medewerkers vooral bezig zijn met de ontwikkeling van projecten, activiteiten, publicaties, tentoonstellingen enzovoort. Om zo scherp mogelijk in te kunnen spelen op de behoeften in de maatschappij, zijn er in deze afdeling drie teams gevormd die zich elk richten op een doelgroep. Er is een team dat zich bezighoudt met de doelgroep onderzoekers. Hier worden ook de diensten voor familie-onderzoek ontwikkeld. Er is een team voor de doelgroep communities. Onder een community verstaan we een groep mensen die zich heeft verenigd rond een bepaald thema of een bepaalde doelstelling. Zo werken we in 2009 nauw samen met de Vrouwen van Nu/Bond van Plattelandsvrouwen om te komen tot een mooie tentoonstelling over negentig jaar huishouden in Frys-lân. In de samenwerking met deze grote community van meer dan 6000 vrouwen, verzamelen we verhalen en foto's die ook voor toekomstige generaties waardevolle informatie bevatten. Ook presenteren we dit jaar een nieuwe website over de geschiedenis van het kaatsen. Het derde team houdt zich bezig met doelgroepen die niet per definitie geïnteresseerd zijn in

geschiedenis en literatuur, maar waarvan wij met z'n allen vinden dat zij er wel in aanraking mee moeten komen. Het onderwijs is hier de belangrijkste doelgroep. Voor basis- en voortgezet onderwijs organiseert dit team presentaties, rondleidingen, lessen enzovoort.

Doelgroepen

Naast de afdeling Ontwikkelteams staat de afdeling Informatieteams. Deze afdeling is samengesteld uit twee teams. Het ene houdt zich bezig met het bewerken en toegankelijk maken van archieven en collecties (inclusief de bibliotheek), het andere houdt zich bezig met het verstrekken van informatie, schriftelijk, maar vooral ook via de studiezaal. De beide afdelingen zullen nauw samenwerken omdat voor nieuwe doelgroepen en communities vaak ook nieuwe toegangen gemaakt moeten worden. Voor de medewerkers op de studiezaal is het van belang om nauw contact te houden met de nieuwe groepen bezoekers die ons gebouw zullen bezoeken, vooral de cultuurtoeristen. In de derde afdeling, Bedrijfsvoering, wordt er voor gezorgd dat de organisatie soepel functioneert. Of het nu gaat om het gebouw, de catering, het secretariaat, de public relations of om de ondersteuning van het bestuur van Tresoar en om de financiële en bestuurlijke contacten met provincie en Rijk, de afdeling Bedrijfsvoering legt het fundament onder de organisatie. Niet in de laatste plaats is het beheer en behoud van de waardevolle archieven en collecties in handen van deze afdeling. Buiten de drie afdelingen zijn er nog een controller, een administrateur en een adviseur personeel en organisatie die rechtstreeks onder de directeur functioneren.

Vernieuwend

Er wordt wel eens gezegd dat tegenwoordig elke instelling in een permanente staat van reorganisatie verkeert. Het aanpassen van de organisatie is natuurlijk geen doel op zich, maar moet duidelijk de positie van de organisatie in de samenleving versterken. We denken dat we als medewerkers van Tresoar er helemaal klaar voor zijn om in de komende jaren onze vooraanstaande en vernieuwende rol in het Friese culturele leven te blijven spelen.

Organogram



Impressie van de nieuwe entree

'This province has to be remembered in America'

Friesland day

Tolve septimber 2009 is it sa fier. Dan sil yn New York 'Friesland Day' hâlden wurde. Yn it ramt fan de betinking dat it fjouwerhûndert jier lyn is dat Henry Hudson foar de Vereenigde Oost-Indische Compagnie mei syn skip 'De Halve Maen' in rivier opfear dy't letter nei him neamd wurde soe, nei in plak dat no sa'n bytsje de haadstêd fan de wrâld neamd wurde mei, docht Fryslân ek mei.

| Jelle Krol

Ut soarte, soe men sizze kinne, want út Fryslân wei hawwe in soad lju in stimpel set op wat letter de Feriene Steaten fan Amearika wurde soene, te begjinnen mei Peter Stuyvesant. De steaten fan Fryslân wiene yn 1782 ek de earsten yn de doetiidske Republyk fan de Feriene Nederlannen dy't de ûnôfhinklikens fan de Feriene Steaten erkenden. Dêrnei waard it ek better mooglik help oan de nije steat te ferlienen. Mei om dy reden sei John Adams 'This province has to be remembered in America'. Fryslân wol him dy't tolfte septimber op Governor's Island yn New York fan syn bêste kanten sjen litte. It sil de provinsje der foaral om gean om dy kontakten mei Amerikanen te lizzen dy't ek foar te takomst betsjutting hawwe, benammen op it gebiet fan hannel toerisme en yndustry. Yn it saneamde Fryslân House kinne dy kontakten lein wurde. Dochs sil de klam dy deis foaral lizze op keunst en kultuer. Oerol-artysten sille har acts opfiere, Tsjêbbe Hettinga sil gedichten foardrage, Nynke Laverman sil sjonge en Sytze Pruiksma sil syn komposysjes hearre litte, mar ek sil in wichtich part fan dy dei

De emigrant Folkert Harmens Kuipers út Akkrum (1843-1904) waard yn Amearika (dêr Frank H. Cooper) ryk mei de winkels dy't er dêr hie. Mei it jild dat er fertsjinne liet er foar de âlderein Coopersburg yn syn bertedoarp bouwe. Op dizze by Tresoar bewarre kaart Coopersburg mei Nederlânske en Amerikaanske flaggen.

wijd wêze oan de presintaasje fan de Amerikaansktalige ferzje fan it boek *Gevierde Friezen: Frisian Fame in America*. Dat boek dêr't de Nederlânske ferzje dan al fan presintearre is - op 1 septimber yn Amsterdam sawol as yn Ljouwert - befettet portretten fan santich Friezen dy't yn it lân fan dream en winsken namme, bytiden grutte namme, makke hawwe.

Romroft

Fan al dy romrofte Friezen is by Tresoar út soarte ek it ien en oar te finen. Fansels oer de iene mear as oer de oare, mar faak hat it by Tresoar oanwêzige materiaal de basis west foar de artikels dy't oer dy santich Friezen ferskynd binne. Gâns fan de yllustraasjes dy't foar it boek *Gevierde Friezen* makke binne komme by Tresoar wei. In soad fan it boarnemateriaal fan de emigranten dy't letter ferneamd wurde soene, is fansels yn Amearika, mar ek gauris kin fan en oer harren gegevens sawol as byldmateriaal by Tresoar fûn wurde. Foarbylden fan sokke emigranten binne ds. Marten Annes Ypma, dy't mei syn folgelingen út Fryslân wei de oseaan oerstiek, Meindert de Jong, de berneboekeskriuwer dy't letter de prestizjeuze H.C. Andersen-priis krige en Bernard Fridsma, de lettere heechlearaar Germaanske talen oan it Calvin College yn Grand Rapids dy't mei syn *Frisian News Items* lange jierren de Friezen yn Amearika op 'e hichte brocht mei nijs út Fryslân. Mocht it boek de niget geande meitsje nei mear, dan kin mei help fan de website oer hast elk fan de santich yn it boek beskreaune Friezen mear ynformaasje fûn wurde. Boppedat kinne jo ús yn guon gefallen faaks ek fierder helpe, bygelyks yn it gefal fan bygeande foto, makke doe't Sjouke de Zee foar de twadde kear troch Amearika reizge. 'Krekt as yn 1921 wier Henry Ford ek nou net thús, sadet wy dizze bisûndere Amerikaen net sjoen ha', skreau er yn *Myn twadde Amerika-reis 1928* (1929). Ford kin dus net de man njonken De Zee wêze, mar wa is er al?

Vrouwen van Nu hebben het maar gemakkelijk!?

Fototentoonstelling

Begin 1900 nam de Friesche Maatschappij van Landbouw het initiatief tot landbouwhuishoudcursussen voor boerendochters. Na een aarzelende start werd het een groot succes. De meisjes wilden na het behalen van het diploma doorgaan met de cursus. Er werden plaatselijke Vereenigingen van Oudleerlingen opgericht. Dat leidde op 30 mei 1919 tot de oprichting van de provinciale Bond van Oudleerlingen bij het Landbouwhuishoudonderwijs in Fryslân, de BvOL. Die bond bestaat nog steeds onder de naam BvPF Vrouwen van Nu. Het is allang geen organisatie meer voor uitsluitend boerendochters. Iedere vrouw kan zich aansluiten. Of ze oud is of jong, in de stad woont of op het platteland. Het respectabele aantal leden (6700) laat zien dat de Vrouwen van Nu midden in de maatschappij staan.

| Amarens Hibma

Het negentigjarig bestaan van de Friese Vrouwen van Nu in 2009 is een mooi moment om de historie vast te leggen in de vorm van foto's. Samen met Tresoar zijn de Vrouwen van Nu erin geslaagd ruim achthonderd privéfoto's te verzamelen van het huishouden van de afgelopen negentig jaar in Fryslân. Twee vliegen in een klap, want op dat gebied vertoonde de collectie van Tresoar een fikse lacune. Er zitten hele mooie plaatjes bij, zoals de was die ligt te drogen op de bleek en de koe die met de hand gemolken wordt. Ook de rotanstoeltjes van de jaren vijftig zijn van de partij en de eerste televisie en computer. En keukens in alle soorten en maten. De vrouwen hoeven niet bang te zijn dat ze hun kostbare foto's kwijt zijn. Door de foto's voor dit project te digitaliseren kunnen de originelen in het bezit blijven van de eigenaressen zelf en de scans worden opgenomen in het Fries Foto Archief.

Veranderingen

De expositie probeert een antwoord te geven op de vraag of Vrouwen van Nu het echt zo makkelijk hebben! Is het antwoord ja? Al die elektrische apparaten maken het huishoudelijk werk per slot van rekening wel een stuk lichter. We zouden ons geen raad weten zonder stofzuiger, wasmachine, vaatwasser en magnetron! De apparaten zorgden voor een verlichting van het huishouden en een arbeidsbesparing van ongeveer een derde van de tijd. Daardoor hadden vrouwen meer tijd over om bijvoorbeeld buitenshuis te gaan werken. Of is het antwoord nee...Ook de denkbeelden over een 'proper' huishouden veranderden. De ramen hoefden echt niet meer elke week gelapt te worden. Historicus Pieter Stokvis: 'Ik vind dat zo verrassend, hoe men ineens anders over dingen gaat denken. Net als persoonlijke hygiëne. Vroeger ging men één keer per week in een teil in de keuken in bad en waste men de haren eens in de paar weken.' De ondertitel van de tentoonstelling luidt niet geheel toevallig van Mattenklopper tot Dyson. De stofzuiger is namelijk het huishoudelijk apparaat dat de grootste revolutie in het huishouden heeft veroorzaakt, een arbeidsbesparing groter dan die van de introductie van de wasmachine bijvoorbeeld. Uit onderzoek blijkt dat de wasmachine wel voor verlichting van de arbeid heeft gezorgd, maar niet voor arbeidsbesparing. Stokvis: 'Men ging veel vaker kleding wassen. Wij wasten een keer per jaar een wollen trui of droegen een jasje binnenstebuiten. Dat is nu ondenkbaar. Eenmaal in de week, op vrijdag, deden we schoon goed aan. Het gezegde één aan je bast, één in de was, één in de kast, dat was zo!' (uit: *Huishouden, huwelijk, gezin: huishoudelijk leven in de 20e eeuw*, Pieter Stokvis, Rotterdam, 2002).

Wat: fototentoonstelling

Waar: Tresoar

Wanneer: van 11 september 2009 tot en met 31 januari 2010 (tijdens kantooruren te bezichtigen)

Wastafel met lampetkan, omstreeks 1970 (foto van Tine M. Douma-Foppema uit Poppenwier).

Dirk druk aan de afwas, 1966 (foto van F. Kloosterman-de Roo uit Stiens)

Wandmeubel, 1976 (foto van D. de Haas-Wallinga uit Leeuwarden).

Koken op een petroleumstel, omstreeks 1940 (foto van A.S. Veenstra uit Boelenslaan).

Rondleidingen

In het kader van de tentoonstelling worden ook rondleidingen, lezingen en andere activiteiten georganiseerd. Het aanvragen van een speciale rondleiding kan via telefoonnummer 058 7890789 van Tresoar of via info@tresoar.nl. De kosten zijn 35 euro per groep van vijftien personen inclusief consumptie. Over de lezingen en andere activiteiten volgt nog nader bericht. Na 31 januari 2010 is de tentoonstelling afgelopen, maar het project nog niet. Er kunnen nog steeds foto's worden aangeleverd, die via de website van Tresoar toegankelijk worden voor iedereen.

‘It wie ien grutte ûntdekkingsreis’

Alve jier wurke Johanneke Liemburg oan in biografy oer Fedde Schurer (1898-1968). Oer de sjoernalist, politikus, dichter, pasifist en ûnderwizer falt in hiel soad te fertellen. De measte Friezen sille syn namme kenne, fan syn fersen, fan de Lemster skoallekwestje, de *Friese Koerier* of Kneppelfreed. Liemburg woe witte watfoar man oft er wie en wat him dreau. It risseltaat, in fûstdik boek, ferskynt begjin takom jier. Se hopet dêr op te promovearjen.

| Marijke de Boer

‘Ik ha Fedde yn de rin fan de jierren goed kennen leard en begryp syn dieden,’ fertelt Johanneke Liemburg (1952). ‘Ik hie earst net in útsprutsen byld fan him, mear it algemiene byld dat hearsket. In populistysk man dy’t prachtige fersen skreau en pasifist wie. It wie in sjarmante man, in hiel noflik minske. Hy waard op hannen droegen. In soad Friezen seagen him nei de eagen. Dat liket ideaal, mar ik leau net yn ideale minsken. Ik woe op syk nei de oare kant. Echt minne dingen ha ik lykwols net fûn, elkenien mocht him lije.’ Se rûn al langer mei it idee om in biografy te skriuwen. ‘Ik mei graach biografyen lêze omdatst faak ek ynformaasje krijst oer de tiid dêr’t dy figuer yn libbe. Boppedat fyn ik skriuwen moai wurk. Ik hâld fan taal en de sjoernalistyk leit my nei oan it hert. Doe’t ik de biografyen fan Herman Gorter en Henriëtte Roland Holst lies, tocht ik, dat wol ik ek wol, mar ik hie it noait oan tiid.’ In geskikt ûnderwerp tsjinne him yn 1998 oan. Dat wie by de betinking fan de hûndertste bertedei fan Fedde Schurer. ‘Dat is myn man, tocht ik. Ik fielde my troch myn eigen wurkûnderfining yn de polityk en de sjoernalistyk oan him besibbe.’

Leechdrompelich

Entûsjast lei se in opset foar oan âld-FLMD-direkteur Freark Dam en sosjolooch-politikolooch Bart Tromp, dy’t har in skoft lang begelaat ha. Beide binne ferstoarn en har ferstjerren wie in grutte tsjinslach, mar Yme Kuiper en Tineke Steenmeijer-Wielenga hawwe it stokje oernommen. De opset wie basearre op de yndieling fan de biografy fan Henriëtte Roland Holst. ‘Dat boek is in foarbyld foar my. De fjouwerhûndert siden dy’t dit boek wurde soe, lykje no mear as fiifhûndert te wurden. Ik woe in lekker lêsboek skriuwe, dat sprekt my sels ek it measte oan. Fansels moatte de feiten klopje, ik romantisearje se net. It boek moat ek leechdrompelich wêze. Fedde wie in man fan it folk. Ik ha derfoar keazen om it yn it Nederlânsk te skriuwen mei Fryske sitaten dy’t yn noaten fertaald wurde. Der leit in spanningsfjild om oan de iene kant mei it Frysk sa ticht mooglik by Schurer te bliuwen en

Johanneke Liemburg yn it depot fan Tresoar mei argyfmateriaal fan Fedde Schurer (foto: Haye Bijlstra).

oan de oare kant mei it Nederlânsk it foar de lêzer tagonkliker te meitsjen. It moast autentyk en tagelyk lêsber wêze. Neist it feit dat Fedde jierren bûten Fryslân wenne en wurke hat, hat de taalkar foar my ek te krijen mei in mear polityk argumint. Ik fyn dat Schurer him yn in isolemint triuwe litten hat. It is him net slagge om de ferbining tusken Frysk en Nederlânsk te lizzen yn Fryslân. Dêr kom ik yn myn konklúzjes yn it boek op werom.'

Argyf

Liemburg is begûn by it argyf fan it FLMD, dêr't it argyf fan Fedde Schurer bewarre wurdt. Dêrnei hat se tal fan oare argiven besocht, lykas it Letterkundig Museum en Nationaal Archief yn De Haach, de gemeente-argiven fan Tytsjerksteradiel, Ljouwert en Amsterdam, it skoalargyf op 'e Lemmer, it argyf fan de Steaten fan Noard-Hollân en het Internationaal Instituut voor Sociale Geschiedenis yn Amsterdam. 'Net alles ha ik lêzen, dat is ûnmooglik. Ik bin selektyf as it giet om it lêzen fan syn haadartikels út de *Friese Koerier*. Gauris komme deselde tema's werom en net alles hat de tiid trochstien. Wol ha ik alle brieven lêzen om't dy folle persoanliker binne as stikken foar de krante. Dan leare jo ek de oare kant fan de man kennen. Hy skriuwt bygelyks oer syn depresjes, dêr't er net mei te keap rûn. Ast de brieven foar de tredde kear lêst, fynst hieltyd mear ynformaasje, want witst op 't lêst mear en kinst ferbannen lizze. Earst fielde ik my bytiden in foyeur. Sa binne de leafdesbrieven fan Fedde syn heit oan syn mem noait skreaun mei it doel dat oare eagen se lêze soene. Ek de korrespondinsje mei Douwe Kalma is bytiden hiel persoanlik. Fierder ha ik in list opsteld mei minsken dy't ik ynterviewe woe. Minsken dy't him kend ha. Ik woe witte hoe't it wie om mei him te wurkjen. Dat moast earst, want dy minsken binne net jong mear. Ik haw in hiel goed kontakt krigen mei syn omkesizzer Hillebrand Visser. Syn mem wie in skoansuster fan Fedde. Visser koe goed mei syn omke en muoike en wie dêr faak útfanhûs. Ik hie net foarsjoen dat de ynterviews safolle tiid kostje soene,



Fedde Schurer yn 1948 op it redaksjekantoar fan de Friese Koerier (foto: Frans Popken).

De Twadde Keamer yn 1959 mei Fedde Schurer yn it tredde blok op it fjirde bankje (foto: Anefo: Jo van Bilsen).

der komt in soad oan neisoarch achterwei. Doe't ik de minsken mear oer Fedde fertelle koe as sy my, bin ik dermei ophâlden.'

Frysk

'It is in yllúzje om te tinken datst alles opskriuwe kinst, moatst wol selektearje. Ast alle feiten opskriuwe soest, wurdt it in ûnlêsber tsjok boek. Fansels is de seleksje diskutabel. It dreechste wie om in kar te meitsjen út de brieven. It binne der hûnderten en se binne hast allegearre de muoite wurdich om út te sitearjenm mar dat kin net. Earst wie ik fan doel om in politike biografy te skriuwen, mei om't ik sels politikology studearre ha en lykas Fedde yn de Twadde Keamer sitten ha. Yn de autobiografy dy't Schurer sels skreaun hat, wie er net oan de perioade yn de Haachske polityk takommen. Ik woe my net weagje oan syn fersen om't ik my net kompetint genôch achtsje om der wat oer te sizzen. Dêr bin ik letter op weromkaam, want ik ha ûntdutsen datst syn wêzen net los sjen kinst fan syn dichtwurk. It is dus in biografy oer hiel de minske wurden.' Schurer wie in Fries yn ieren en sinen en stie foar syn prinsipes. 'Sa wist ik, dat hy net frege waard foar sprekbeurten foar de partij op net-Frysksinnige plakken. By tafal fûn ik in bewiis foar dit ferhaal. Yn de argiven fan de PvdA kaam ik in brief tsjin fan de foarsitter fan it gewest Fryslân oan it haadbestjoer mei it fersyk om Fedde net nei Snits te stjoeren op in sprekbeurt om't se dat 'vanwegen de import' net winsklik achten.' Hoewol't Schurer Frysksinnich wie, hat er him bot ôfset tsjin de komst fan de Frysk Nasjonale Partij. 'Hy wie in PvdA-man en woe syn komôf en freonen net yn de steek litte. Mar neffens my hie it goed west as er syn kennis en erfaring dield hie. Hy fielde it as in oanfal as soe hy it as Fries yn syn eigen partij net goed dwaan. Ik begryp dat, mar fyn it wol fout. Miskien kaam it, om't er te min tsjinspraak krige. Ek syn frou sette him op in fuotstik. Hy koe ek min oer krityk, wylst er sels net dimmen nei oaren wie.'

Belangstelling

'Schurer is al goed fjirtich jier wei, mar syn wurk libbet noch hieltyd. By lêzingen dy't ik oer him hâlden ha, begjinne minsken soms spontaan teksten te deklamearjen út *Bonifatius* of fersen op te sizzen. Hy wie in dichter fan it folk. Wa ken it ferske

Fedde Schurer en syn frou by in demonstraasje tsjin de kearnbewapening yn 1962.

CHRISTELIJK NATIONAAL DAGBLAD

